

## Hoséa

### 1

<sup>1</sup> It boadskip fan de HEAR oan Hoséa, de soan fan Beëary, yn 'e tiid dat Oezzía, Jotam, Achaz en Hizkía kening fan Juda wiene, en Jerobeäm, de soan fan Joäsj, kening fan Israel wie.

<sup>2</sup> It earste dat de HEAR sein hat troch Hoséa wie: 'Gean om in frou út, nim dy in slet fan in wiif en set hurrebern by har oan. Want troch de HEAR de rêch ta te kearen is it lân ien grutte hurrebrut wurden.'

<sup>3</sup> Hy socht Gomer út, de dochter fan Diblaïm, se waard swier en brocht foar him in soan op 'e wrâld. <sup>4</sup> De HEAR sei tsjin Hoséa: 'Jou him de namme Jizreël, want noch efkes en dan sil ik it bloedbad fan Jizreël ferhelje op it keningshûs fan Jehu. Ik meitsje in ein oan it keningskip oer it folk fan Israel. <sup>5</sup> Dy deis brek ik it sjitark fan Israel yn 'e flakte fan Jizreël yn stikken.'

<sup>6</sup> Gomer waard op 'e nij swier en brocht in dochter op 'e wrâld. De HEAR sei tsjin Hoséa: 'Jou har de namme Lo-Rûchama – gjin begrutsjen – , want mei it folk fan Israel sil ik gjin begrutsjen mear hawwe, ik sil har alle begrutsjen ûntnimme. <sup>7</sup> Mar mei it folk fan Juda sil ik ál begrutsjen hawwe, foar har sil der rêding wêze yn de HEAR, har God. Ik sil har net rêde mei sjitark en swurd, net mei in oarloch, mei hynders en ruters.'

<sup>8</sup> Doe't Lo-Rûchama fan it boarst ôfwend wie, waard Gomer wer swier en brocht in soan op 'e wrâld.

<sup>9</sup> De HEAR sei: 'Jou him de namme Lo-Ammi – net myn folk – , want dó bist net myn folk en ik bin foar jimme net ik bin.'

### 2

<sup>1</sup> 'Dochs sille de Israeliten sa machtich yn oantal wêze as it sân fan 'e see: ûnmjitber, ûntelber. Op itselde plak as dat tsjin harren sein waard: "Do bist myn folk net", sil tsjin har sein wurde: "bern fan 'e libbene God". <sup>2</sup> De Judeeërs en de Israeliten sille wer byinoar brocht wurde en ien lieder oer harren oanstelle. Ut it hiele lân komme se tasetten, want grut sil de dei fan Jizreël wêze. <sup>3</sup> Sis dan tsjin jim broers: "Ammi", en tsjin jim susters: "Rûchama".'

<sup>4</sup> 'Klei jim mem oan, klei har oan, want sij is myn frou net en ik bin har man net. Lit se dat huorrike oansjoch fan har gesicht helje, de tekens fan har troubrek tusken har boarsten weihelje. <sup>5</sup> Oars klaai ik har neaken út en set har by de dyk, like neaken as doe't se berne waard; meitsje ik har lyk oan in wyldernis, oan drûch lân, en lit ik har ferkomme fan 'e toarst. <sup>6</sup> Mei har bern sil ik gjin begrutsjen hawwe, want hurrebern binne it. <sup>7</sup> Har mem hat ommers de hoer spile, de frou dêr't se by oanset binne, hat ommers foar skandaal rûn. Se sei: "Ik gean efter myn frijers oan, dy't my myn iten en drinken jouwe, myn wol en flaaks, myn oalje en wyn."

<sup>8</sup> Dêrom, sjoch, ik set har wei ticht mei stikels. Mei in muorre snij ik har de pas ôf, dat se har slûprûtes net mear fine kin. <sup>9</sup> Wol se wer efter har frijers oan, se kin net by har komme, wol se harren wer opsykje, se kin har net fine. Dan sil se sizze: "Ik gean werom nei myn earste man, want doe hie ik it better as no."

<sup>10</sup> Sy hat der gjin benul fan dat ik it bin dy't graan, jonge wyn en olive-oalje oan har jûn hat, dat ik har ryk makke haw mei it goud en it sulver dat sy foar Baäl brûkt hawwe. <sup>11</sup> Dêrom, as it oan de risping ta is, nim ik myn graan werom, en myn jonge wyn as it tiid is foar de druvepluk. Myn wol en myn flaaks, dêr't sy har neakenens mei bedekt, skuor ik har fan it liif. <sup>12</sup> Dan stal ik har neakene froulikheid út foar it each fan har frijers en gjinien dy't har út myn hannen rêdt. <sup>13</sup> Ophâlde lit ik alles wat har wille joech, har festiviteiten, har nijmoannefeesten, har sabbatten, al har feestdagen. <sup>14</sup> Ik ferniel har wynstôk en figebeam, dêr't se fan sei: "Dat is myn gaazje, dêr hawwe myn frijers my mei beleanne." Ik meitsje der in wyldernis fan, fretten foar de wylde bisten. <sup>15</sup> Ik ferhelje op har de dagen dat har offers oan de Baäls rikken, se har optúgde mei ring en halsketting en har frijers neirûn, mar my fergeat' – útspraak fan de HEAR.

<sup>16</sup> Sjoch, dêrom sil ik har sels ferliede en gean mei my de woestyn yn, en ik sil dingen sizze dy't har yn it hert reitsje. <sup>17</sup> Dêrnei jou ik har har wyngerds werom en meitsje ik fan 'e Achordelling in doar fan hoop. Dêr sil se ja tsjin my sizze, lykas doe't se jong wie, doe't se út Egypte optein wie. <sup>18</sup> Dy deis – útspraak fan de HEAR – sil it wêze dat se my "myn man" neamt, en langer "myn Baäl". <sup>19</sup> Ik helje harren de nammen fan de Baäls út 'e mûle, dat dy net mear oanroppen wurde. <sup>20</sup> Dy deis sil ik foar harren in ferbûn slute mei de wylde bisten, mei de fûgels en mei it spul dat oer de grûn krûpt. Sjitark, swurd en striid sil ik út it lân reagje, dat se har feilich deljaan kinne. <sup>21</sup> Ik slút in houlik mei dy foar altiten, in houlik dat it úthâldt troch rjocht en gerjochtichheid, troch leafde en begrutsjen, <sup>22</sup> in houlik dat stânhâldt troch trou. Sa silst de HEAR kennen leare.

<sup>23</sup> Dy deis sil ik ferhearre – útspraak fan de HEAR.

Ik sil de rop fan 'e himel ferhearre,

dy sil de rop fan 'e ierde ferhearre,

<sup>24</sup> de ierde sil de rop fan it graan, de jonge wyn en de olive-oalje ferhearre en dy sille de rop fan Jizreël ferhearre.

<sup>25</sup> Ik sil Israel foar mysels as in siedsje yn 'e ierde plantsje en begrutsjen hawwe mei Lo-Rûchama – gjin begrutsjen.

Tsjin Lo-Ammi – net myn folk – sil ik sizze: "Myn folk bisto," en hy sil sizze: "Myn God".'

### 3

<sup>1</sup> De HEAR sei tsjin my: 'Gean der nochris op út en bemin in frou dy't der in minner op nei hâldt, in frou dy't frjemdgiet. Krektyk hat de HEAR de Israeliten leaf, wylst sysels har op oare goaden rjochtsje en leafhawwers fan rezinekoeken binne.\* <sup>2</sup> Ik kocht har foar fyftjin sulverstikken en in oardel homer\* garst. <sup>3</sup> Ik sei tsjin har: 'Do silst in hiel skoft by my yn 'e hûs bliuwe, datst net frjemdgean kinst en it mei in oare man dwaan. Sels sil ik ek net by dy komme.' <sup>4</sup> Want de Israeliten sille in hiel skoft sûnder kening en foarst sitte, sûnder offer en hillige stien, sûnder efod en tearafym. <sup>5</sup> Dêrnei sille de Israeliten omdraaie en de HEAR, har God, en David, har kening, wer opsykje. Se sille beve foar de HEAR en foar it goede dat hy jout, oan 'e ein fan 'e dagen.'

### 4

<sup>1</sup> Harkje nei it boadskip fan de HEAR, Israeliten, want de HEAR spant in rjochtsaak oan tsjin 'e ynwenners fan it lân, om't der gjin trou en leafde mear yn it lân is en se God net mear kenne. <sup>2</sup> Ferflokken, ligen, moardzjen, stellen en troubrekken binne mienguod wurden, it iene bloedbad hat it oare útlukke.

<sup>3</sup> Dêrom treuret it lân en ferkomt alles wat der wennet, ek it wylde yn it fjild en de fûgels yn 'e loft, ja, sels de fisken yn 'e see geane deroan.

<sup>4</sup> Mar lit no gjinien in oanklacht yntsjinje of in oar de skuld jaan. Tsjin dy is myn oanklacht, pryster. <sup>5</sup> Do silst stroffelje by dei, ek de profeet sil mei dy stroffelje by nacht, en dyn mem sil ik ta swijen bringe. <sup>6</sup> Myn folk is stomlein om't it my net mear ken. Do hast dy kennis fier fan dy smiten, dêrom smyt ik dy fier fan my datst gjin pryster yn myn tsjinst mear bist. Do hast it ûnderrjocht fan dyn God fergetten, dêrom sil ik ek wat ferjitte: dyn soannen.

<sup>7</sup> Wat mear prysters oft der kamen, wat mear sûnde oft se diene. Mar ik sil har oansjen feroarje yn skande. <sup>8</sup> De sûnde fan myn folk ite se fan, de misdieden fan myn folk snakke se nei. <sup>9</sup> It sil de pryster kreksa fergean as it folk: ik sil syn hâlden en dragen op him ferhelje, syn dieden lit ik him sels de gefolgen fan drage. <sup>10</sup> Se sille wol ite, mar net sêd wurde, nei de hurren gean, mar net yn oantal tanimme, want se hawwe de HEAR ferlitten om har oan troubrek oer te jaan. <sup>11</sup> Wyn en drank hawwe myn folk yn 'e besnijging.

<sup>12</sup> It befreget syn hout, fan syn stêf ferwachtet it antwurd. Want in geast fan ûntucht hat har op in dwaalspoar brocht, dat se har God bedrage. <sup>13</sup> Op de berchtoppen bringe se offers, op 'e heuvels brâne se wijreek, ûnder iik, popelier en terebint, want it skaad fan dy beammen is sa noflik. Gjin wûnder dat jim dochters de hoer spylje en jim skoandochters frjemdgeane. <sup>14</sup> Mar ik sil it net op jim dochters ferhelje dat se de hoer spylje en op jim skoandochters dat se frjemdgeane, want de hearen geane sels beside mei hurren en bringe offers yn it selskip fan timpelhurren. Sa rekket in folk sûnder ynsjoch ûnder fuotten.

\*(3:1) Nammentlik: dy't yn har timpels iten wurde.

\*(3:2) Lêst dy't in ezel drage kin: tusken de 220 en 450 kilogram.

<sup>15</sup> Asto sa nedich omhuorkje wolst, Israel, lit Juda him der dan net skuldich oan meitsje, troch nei Gilgal te kommen, nei Bet-Awen ôf te reizgjen en te swarren: 'Sa wier as de HEAR libbet.'. <sup>16</sup> Want Israel hat alweroan sa ûnbrûksom west as in dwerskoppige ko, al weidet de HEAR har noch altiten as lammen op 'e romte. <sup>17</sup> Efraïm is oates en toates mei ôfgodsbylden – lit him mar. <sup>18</sup> Se binne noch net útsûpt, of se geane alwer nei de hurren. Fereale binne se op geilens, skande binne har hege piten. <sup>19</sup> Hat in stoarmwyn har yn syn wjukken wûn, dan sille se har skamje foar har alters.'

## 5

<sup>1</sup> 'Hear hjirnei, prysters, harkje goed, folk fan Israel, set de earen op, keningshûs, want jimme is it rjocht tabetroud. Mar jimme binne in flapnet foar Mispa, in fangnet dat spand is op 'e Tabor, <sup>2</sup> ja, se hawwe in falkûle yn Sittim útdjippe. Mar ik: in wân op 'e hûd foar har allegearre! <sup>3</sup> Iksels ken Efraïm al salang, Israel hat noait in geheim foar my west, mar no hasto, Efraïm, it mei in oar oanlein en hat Israel himsels besmoarge. <sup>4</sup> Wat se dogge makket it ûnmooglik om by har God werom te kommen, want in geast fan troubrek wennet yn harren, dat se fan de HEAR net mear witte wolle. <sup>5</sup> Israels heechertigens sprekt him lyk yn it gesicht tsjin, Israel en Efraïm stroffelje oer har eigen skuld en mei harren is ek Juda stroffele. <sup>6</sup> As se mei har lytsfee en har kij derop út geane en sykje de HEAR, sille se him net fine, want hy hat him út har fermidden weromlutsen. <sup>7</sup> Sy binne de HEAR ûntrou wurden en hawwe hurrebern op 'e wrâld setten. Mar mei nijmoanne sille sy, ja, alles wat se hawwe, skjin opfretten wêze.

<sup>8</sup> Blaas de rammehoarn yn Gibeá, de trompet yn Rama, alarm, Bet-Awen, efter dy, Benjamin! <sup>9</sup> Efraïm wurdt in wyldernis, de deis fan 'e ôfstraffing, ûnder de stammen fan Israel haw ik te witten dien wat wis en seker is. <sup>10</sup> Juda's foarsten hawwe west as guon dy't grinspeallen fersette, oer sokken sil ik myn liikens as wetter útstoarte. <sup>11</sup> Utrûpele is Efraïm, mishannele is it rjocht, want hy wie op mar ien ding út: efter ferrifeljende machten oan. <sup>12</sup> En ik, ik bin foar Efraïm as in etterjende wûne wurden, foar Juda as in rotterich plak. <sup>13</sup> Doe't Efraïm seach hoe siik oft er wie en Juda hoe opswold oft syn wûne wie, gie Efraïm dermei nei Assyrië, stjoerde er boaden nei de grutte kening. Mar dy kin jimme net better meitsje en jim swolm hielje. <sup>14</sup> Want ik bin as in liuw foar Efraïm, as in jonge liuw foar it folk fan Juda. Iksels bin it dy't har ferskuor en wer fuortgean, ik sleep se mei en net ien kin har rêde. <sup>15</sup> Ik lûk my werom op myn stee oant se boete dien hawwe en har derta sette my wer ûnder eagen te kommen. Krije se it krap, dan sille se wer om my útgean.'

## 6

<sup>1</sup> Hjiirwei! Lit ús nei de HEAR weromkeare,  
want deselde dy't ferskuord hat, hy sil ús wis hielje,  
dy't slacht, sil foarfêst ús wûnen ferbine.  
<sup>2</sup> Nei twa dagen sil er ús sûnder mis wer libben meitsje,  
de tredde deis ús ferrize litte,  
dat wy foar syn eagen libje meie  
<sup>3</sup> en him kenne, ja, alles op alles sette en ken de HEAR.  
Syn ferskinning stiet like fêst as it moarnsrea,  
hy komt ús oer as rein,  
as foarjiersrein dy't it lân yn en yn wiet makket.'

<sup>4</sup> 'Wat moat ik mei dy oan, Efraïm, wat moat ik mei dy oan, Juda? Jim trou is ommers as dize yn 'e moarn, as dauwe dy't moarns betiid al oplûkt. <sup>5</sup> Dêrom haw ik der troch de profeten op yn huft, dea en ferdjer brocht mei de wurden dy't ik spruts, dat myn rjocht trochbrekke soe as it ljocht. <sup>6</sup> Want trou haw ik nocht oan, net oan offers, oan it kennen fan God mear as oan brânooffers. <sup>7</sup> Sy binne it dy't, lykas yn Adam, it ferbûn brutsen hawwe, dêr binne se my ûntrou wurden. <sup>8</sup> Gilead is in stêd fan misdiedigers, fol mei har bluodderige fuotstappen. <sup>9</sup> As rovers dy't op 'e loer lizze, is de hiele prysterbinde, by de dyk nei Sichem begeane se moarden: skandalich is wat se dien hawwe. <sup>10</sup> Wat ik by it folk fan Israel sjoen haw, it is in griis: dêr begiet Efraïm ûntucht, hat Israel him besmodze. <sup>11</sup> Ek do, Juda, silst de fruchten fan dyn libben drage.

Wannear't ik it foar myn folk te'n goede beteare liet,

## 7

<sup>1</sup> wannear't ik Israel better makke, kamen hieltyd Efraïms skuld, Samaria's misdieden, foar it ljocht, want har dwaan is ien en al leagen. Dieven brekke yn, rovers strune om 'e doar. <sup>2</sup> It komt net yn har op dat ik al har minne setten ûnthâld. No sitte se opsletten yn har eigen dieden, dy steane my foar eagen.

<sup>3</sup> Mei har minnens jouwe se keningen wille, mei har ferrifelerij foarsten ferdivedaasje. <sup>4</sup> Troubrekkers binne it, allegearre. Sy binne as in oven dy't hjit bliuwt, as de bakker ophâldt fan stoken om it daai te mingen oant it hielendal suorre is. <sup>5</sup> Op keningsdei hawwe se de foarsten siik makke mei brandewyn. En hy mar fûstkje mei dy rebellen! <sup>6</sup> Want fan binnen lykje se op in oven: har inerlik leit op 'e loer, nachts slûget har liikens, mar moarns lôget dy op as in stekflam. <sup>7</sup> Allegearre gloeie se as in oven, om har rjochters te fertarren, al har keningen binne fallen, en der is net ien dy't my oanropt.

<sup>8</sup> Efraïm, hy fermingt him mei de folken, Efraïm, hy is in pankoek dy't net keard is. <sup>9</sup> Frjemden hawwe syn krêft fertard en hy hat it net yn 'e gaten, ek sit er ûnder de skimmel en hy hat it net yn 'e gaten. <sup>10</sup> Israel is troch syn eigen grutskens te skande setten, en dochs binne se net nei de HEAR, har God, weromgien, yn alles wat se meimakken, hawwe se him net socht. <sup>11</sup> Efraïm waard as in do, ûnnoazel en sûnder ferstân, dat se om Egypte roppen hawwe, dat se Assyrië neirûn binne. <sup>12</sup> Mar sagau't se dat út geane, smyt ik myn net oer har út, as fûgels yn 'e loft helje ik har del, ik sil se krije sa gau't ik it lûd fan har swerm hear.

<sup>13</sup> Wee oer harren, want se binne foar my op 'e flecht slein, ferwoasting oer harren, want se hawwe mei my brutsen. Ik bin it dy't har frijkeapje, mar dan steane sy alwer tsjin my te ligen. <sup>14</sup> Har hert is der net by as se my om help roppe, want se lizze op har bêd te krimmenearjen, om graan en jonge wyn snije se harsels, dochs meitsje se har fan my los. <sup>15</sup> Ik haw har traïnd en har earms sterk makke, dochs hawwe se tsjin my kwea yn it sin. <sup>16</sup> Se keare werom, mar net nei boppen, se binne as in sloppe bôge. Har foarsten sille falle troch it swurd om har skandalige praat. Sa sille se foar spot stean yn Egypte.'

## 8

<sup>1</sup> De rammehoarn oan de mûle: ien as de gier boppe it folk fan de HEAR! Om't se oan myn ferbûn foarbygien binne en har net oan myn wet holden hawwe. <sup>2</sup> Se smeeke my om help: "Myn God, wy Israel, wy kenne jo dochs?" <sup>3</sup> Israel hat it goede fergoaid, no sit in fijân him efter de foddien. Sy binne it dy't keningen oansteld hawwe, bûten my om, foarsten oansteld hawwe dy't ik net ken. <sup>4</sup> Fan har sulver en goud hawwe se ôfgodsbylden makke foar harsels, dêr't se om útrûge wurde sille. <sup>5</sup> Dyn bollekeal hat dy ferstjitten, Samaria, myn grime is tsjin harren oplôge. Hoelang noch foar't se by steat binne en wês rein? <sup>6</sup> Want it komt út Israel, dat ding, in hantwurksman hat it makke, it is gjin god, want it sil oan spuonnen slein wurde, dat bollekeal fan Samaria. <sup>7</sup> Ommers, wyn siedzje se, stoarm rispje se: graan dêr't gjin sprût yn sit, moal kinst der net fan meitsje, of miskien dochs, mar dan frette frjemden it op. <sup>8</sup> Opfretten is Israel, ûnder de folken binne se no as in stik ark dat net ien hawwe wol. <sup>9</sup> Want sy sochten it hegerop by Assyrië. In wylde ezel is op himsels, mar Efraïm rint mei syn leafde te keap. <sup>10</sup> Ek al soe der ûnder de folken ien wêze dy't syn leafde hawwe wol, no sil ik har byinoar driuwe\*. Se sille efkes ophâlde met it salvjen fan kening en foarsten\* <sup>11</sup> Ja, Efraïm hat oeral alters boud, om mar misdieden begaan te kinnen; misdied-alters binne it wurden. <sup>12</sup> Al skreau ik myn wet tsientûzen kear foar him út, se soene allegear like frjemd fûn wurde. <sup>13</sup> Hap-slok-offers bringe se: fleis dat se sels opite kinne. De HEAR moat der neat fan hawwe. No komme har skulden him just yn it sin en sil er har misdieden bestraffe: sy sille nei Egypte werom. <sup>14</sup> Israel hat fergetten wa't him makke hat en paleizen boud, Juda hat oeral syn stêden fersterke, mar ik smyt fjoer yn syn stêden dat syn stinzen platbrâne sil.'

## 9

<sup>1</sup> Wês net fleurich, Israel, by it healwize om't ôf lykas de folken, want do hast dyn God bedroegen, sljocht op hurorrelean hast west op alle terskflierren. <sup>2</sup> Terskflier en wynfet sille harren net ferkwikke, de jonge wyn sil har te fiter hawwe. <sup>3</sup> Sy sille net yn it lân fan de HEAR wenjen bliuwe: Efraïm giet werom nei

---

3  
lêzen: ik sil har útinoar jeie.

<sup>3</sup>(8:10) Foar de rjochtbank? Oaren stelle út om in oar tiidwurd te

4  
ûnder de lêst fan in kening fan foarsten.

<sup>4</sup>(8:10) Neffens LXX. MT is ûnbegryplik: sy krimpe in skoft yninoar

Egypte, yn Assyrië sille se ûnreine kost ite. <sup>4</sup> Se sille foar de HEAR gjin wyn as offer útjitte, him gjin deugd dwaan mei har fredeoffers. Har feestmiel sil foar har as roubrea wêze: dy't derfan ite, wurde ûnrein. Har brea hâldt allinnich harsels yn libben, mar it hûs fan de HEAR komt it net yn. <sup>5</sup> Wat moatte jim oan mei in hjeldei, mei in feestdei foar de HEAR? <sup>6</sup> Want tink hjir mar om: se binne de ferwoasting wol ûntrûn, mar Egypte sil har garje, Memfis har bedobje. Har sulveren skatten, ûnkrûd sil se oerwoekerje, stikelhout sil groeie yn har tinten. <sup>7</sup> Se binne op kommende wei, de dagen fan 'e ôfstraffing, de dagen fan 'e ferjilding komme deroan, Israel sil it ûnderfine. 'Net wiis is de profeet, mesjokke de man fan de Geast'. Om't jim skuld sa grut is, is jim fijannigens sa fûl. <sup>8</sup> In profeet, ien dy't mei myn God de wacht hâldt oer Efraïm, fynt op al syn wegen it net fan de fûgelflapper en yn it hûs fan syn God hearsket fijannigens. <sup>9</sup> Se geane djip ferdjerlik te wurk, like slim as doe yn Gibeä. Hy sil har skulden ûnthâlde, har misdieden ôfstraffe.'

<sup>10</sup> As druven yn 'e woestyn, sa haw ik Israel fûn,  
as iere figen oan in figebeam, noch yn it begjin,  
sa haw ik jim foarâlden sjoen.

Sy lykwols rûnen nei Baäl-Peor  
en wijden har oan 'e skandegod.

Se binne like walchlik wurden as de grouwel dêr't se fan hâlde.

<sup>11</sup> Efraïm – as in fûgel fljocht syn gloarje fuort:  
gjin berte, gjin skurte, gjin swierwêzen mear.

<sup>12</sup> Al bringe se har bern grut,  
ik sil har derfan berôvje,  
der bliuwt gjin mins oer.

Mar ek wee foar harsels, wannear't ik ôfstân fan har nim.

<sup>13</sup> Efraïm, sa't ik it sjoen haw, wie ta in Tyrus op it lân wurden,  
mar no moat Efraïm syn soannen útleverje oan ien dy't se deadocht.

<sup>14</sup> Jou har, HEAR – ja, wat sille Jo har jaan? –  
jou har in ûnfruchtbere skoat en útdrûge boarsten.

<sup>15</sup> Al har ferkeardens die yn Gilgal bliken, dêr is myn haat tsjin har begûn.  
Om't wat se dogge striemin is, sil ik har út myn hûs fuortjeie.

Ik hâld dermei op har leaf te hawwen, har foarsten binne stiifkoppen.

<sup>16</sup> Slein is Efraïm, har woartel ferdrûge, frucht sille se net sette.  
Ek al soene se noch bern oansette,  
ik doch de leave skatten fan har skoat dea.

<sup>17</sup> Myn God sil har fersmite,  
want se hawwe net nei him harke,  
swalkers ûnder de folken sille se wêze.

## 10

<sup>1</sup> In tierige wynstôk is Israel,  
syn frucht is al like oerdiedich.  
Wat mear frucht as er opbringt,  
wat mear alters as er bout,  
wat better as syn lân derby stiet,  
wat moaier wijde stiennen as se meitsje.

<sup>2</sup> Glêd fan hert binne se wurden,  
mar no sille se boetsje.

Hysels sil har alters yn stikken brekke,  
har wijde stiennen mei de grûn gelyk meitsje.

<sup>3</sup> Ja, dan sille se sizze: "Wy hawwe gjin kening,  
want wy hawwe gjin ûntsach foar God hân,  
de kening, soe dy wat foar ús dwaan kinne?"

<sup>4</sup> Wurden útkreamje, lege flokken útsprekke, in ferbûn slute.  
It rjocht woekeret as in giftige plant  
yn 'e fuorgen fan 'e eker.

<sup>5</sup> Oer it keal fan Bet-Awen sitte de ynweners fan Samaria yn,  
ja, syn folk treuret om him en syn prysters

raze om him, want syn gloarje is fuort.

<sup>6</sup> It keal sil ek sels nei Assyrië weibrocht wurde  
as skatting foar de grutte kening.

Efraïm sil him skamje,  
Israel beskamme stean om wat er fan doel wie.

<sup>7</sup> Teneate gien is Samaria syn kening  
as skûm op it wetter.

<sup>8</sup> Mei de grûn lykmakke wurden Awens hichten,  
Israels sûnde,  
toarnen en stikels sille oer har alters groeie.  
Tsjin de bergen sille se sizze: "Oerdek ús,"  
en tsjin de heuvels: "Fal oer ús hinne."

<sup>9</sup> Sûnt de dagen fan Gibeä hast sûndige, Israel.

Mei't se dêr binne se stykjen bleaun binne,  
soe de oarloch yn Gibeä tsjin sa'n min slach folk har dan net berikke?

<sup>10</sup> Ik bin fan doel en set har teplak,  
folken sille tsjin har gearlutsen wurde,  
om't se fêst sitte oan har beide misdieden.

<sup>11</sup> Efraïm wie in makke jonge ko, dy't graach terskje mocht.  
Mar, om har pracht fan in nekke, bin ik in stap fierder gien:  
ik sil Efraïm ynspanne, Juda sil ploegje, Jakob sels eidzje.

<sup>12</sup> Siedzje foar jimsels sa't it heart, helje de opbringst mei tawijing yn, meitsje nij lân oan.  
No is it tiid om de HEAR te sykjen,  
oant er komt en it gerjochtichheid oer jim reine lit.

<sup>13</sup> Jim hawwe minnens ynploege,  
ûnrjocht ynhelle  
en de opbringst fan 'e leagen iten,  
want do hast fertroud op dyn eigen koers,  
op dyn grutte oantal helden.

<sup>14</sup> Kriichsgeraas is tsjin dyn folk losbarst,  
al dyn fêstingstêden wurde mei de grûn lykmakke,  
lykas Salman de deis fan 'e striid Bet-Arbel mei de grûn lykmakke hat:  
mem waard mei bern ferplettere.

<sup>15</sup> Sa hat Betel\* mei jim dien,  
om't jim yn en yn ferkeard binne.  
By it moarnsread is it foar altiten dien mei de kening fan Israel.

## 11

<sup>1</sup> Doe't Israel noch in jonge wie, hold ik al fan him,  
út Egypte wei haw ik myn soan roppen.

<sup>2</sup> Wat hurder ik har rôp, wat hurder sy by my weirûnen.  
offerje hieltiten oan de Baäls  
en bringe rûkoffers oan goadebylden,

<sup>3</sup> wylst ik it wie dy't Efraïm syn earste stapkes dwaan learde,  
him op myn earm naam,  
mar sy woene net witte dat ik har libben yn stân hold.

<sup>4</sup> Mei in minsketúchje haw ik har lutsen,  
mei koarden fan leafde,  
ik wie foar har as ien dy't it jok op har kaken optilt,  
en him syn iten oanrikt.

<sup>5</sup> Moat er dan net nei Egypte weromgean?  
En Assyrië, moat dy syn kening net wêze,

mei't se wegere hawwe nei my werom te kearen?

<sup>6</sup> It swurd sil yn syn stêden rûngean,  
it sil ôfweve mei syn geswets  
en har fersline om har plannen.

<sup>7</sup> Myn folk hinget al mar oan syn ôfkearichheid fan my.  
Al roppe se him: "Nei boppen!",  
gjinien fan harren rjochtet him omheech\*.

<sup>8</sup> Hoe soe ik dy opjaan kinne, Efraïm,  
dy priisjaan, Israel?  
Hoe soe ik dye opjaan kinne as Adama,  
behannelje as Seboïm?

Myn hert draait him yn my om,  
it begruttet my troch alles hinne.

<sup>9</sup> Ik sil gjin útfier jaan oan myn gleone grime,  
ik sil Efraïm net wer fergrieme,  
want God bin ik, gjin minske,  
hillich yn dyn fermidden,  
ik sil net komme yn likens.

<sup>10</sup> Efter de HEAR oan sille se gean,  
hy brinzget as in liuw.

Mei't hy brinzget,  
sille de soannen triljend fan de kant fan 'e see komme.

<sup>11</sup> Triljend as in fûgel sille se út Egypte wei komme  
as in do út Assyrië wei.

Dan lit ik har wenje yn har hûzen' –  
útspraak fan de HEAR.

## 12

<sup>1</sup> Mei leagen hat Efraïm, mei bedroch it folk fan Israel my besingele. Juda sweeft noch mei God om en is trou oan hilligen\*. <sup>2</sup> Efraïm besteget soarch oan wat flechtich is, hy sit de hiele dei efter de eastewyn oan. Troch syn tadwaan nimme leagen en geweld ta, mei Assyrië slute se in ferbûn, nei Egypte wurdt oalje brocht. <sup>3</sup> De HEAR fiert in proses tsjin Juda, hy sil Jakob straffe foar syn hâlden en dragen, him syn dieden betelle sette. <sup>4</sup> Yn 'e memmeskurte hie er syn broer al te fiter, yn 'e krêft fan syn libben stried er mei God. <sup>5</sup> Hy stried mei in ingel en oerwûn, hy gûlde en smeke him om genede. Dat yn Betel fynt er him, dêr sprekt er ús oan. <sup>6</sup> Hy, de HEAR, de God fan himelske machten, as HEAR stiet er rûnom bekend. <sup>7</sup> En do, mei dyn God silst weromkeare, nim leafde en rjocht yn acht, en hoopje oanienwei op dyn God.

<sup>8</sup> In bakjerinner mei falske skealjes yn 'e hân is Efraïm, hy is sljocht op ôfsetterij. <sup>9</sup> Hy seit wol: "Bin ik net ryk wurden, haw ik my gjin fermogen wûn? Hoe grut oft myn winst ek is, se sille by my gjin ferkeardens fine dy't sûnde is." <sup>10</sup> Mar ik, de HEAR, dyn God sûnt Egypte, lit dy wer yn tinten wenje lykas yn de dagen fan 'e moeting. <sup>11</sup> Ik sil tsjin de profeten sprekke, it optille litte fan de fizjoenen, troch de tsjinst fan 'e profeten sil ik yn gelikenissen sprekke. <sup>12</sup> Wie Gilead al in ramp, no binne se hielendal lju fan neat wurden: yn Gilgal hawwe se bollen offere, mar har alters sille likegoed wurde ta stienbulten op 'e fuorgen fan 'e eker.

<sup>13</sup> Jakob flechte nei it gea fan Aram, hy tsjinne om in frou, om in frou is er de keppel weiden gean.

<sup>14</sup> Troch in profeet hat de HEAR Israel út Egypte weihelle, troch in profeet waard er as in keppel hoede.

<sup>15</sup> Efraïm is syn Hear slim op it sear kommen, it bloed dat er fergetten hat, sil er him oanrekkenje en de smaad dy't er teweibrocht hat, him betelle sette.'

## 13

<sup>1</sup> As Efraïm it wurd naam, wie der skrik, ferheven wie hy yn Israel, mar hy makke him skuldich oan 'e Baäl en stoar. <sup>2</sup> En dochts geane se mar troch mei sûndigjen en hawwe foar harsels in getten byld makke. Fan sulver hawwe se in goadebyld makke nei eigen ynsjoch, allegear wurk fan fakminsken. "Oan har,"

sizze se, "moatte jimme offerje." En minsken tuten bollekeallen! <sup>3</sup> Dêrom sille sy wurde as dize yn 'e moarn, as dauwe dy't moarns betiid al oplûkt, as tsjêf dat fan 'e terskflier stoot, as reek út in trekgat.

<sup>4</sup> Mar ik bin de HEAR, dyn God, al sûnt Egypte, behalve my meisto gjin oare goaden kenne, bûten my is der net ien dy't rêdt. <sup>5</sup> Ik koe dy al yn 'e wyldernis, it lân fan toarrens. <sup>6</sup> Al nei't har greidlannen wienen, waarden se sêd. Doe't se sêd wienen, stutsen se it krop heech, sadwaande fergeaten se my. <sup>7</sup> Ik bin foar harren as in liuw wurden, as in panter lis ik op 'e loer by de kant fan 'e dyk. <sup>8</sup> Ik fal har oan as in bear dy't syn jongen kwyt is, skuor har de ribbekast iepen, fret har dêr op as in liuwinne. Wylde bisten sille har yn stikken skuorre.

<sup>9</sup> Ik haw dy ferneatige, Israel, wier, wa is dyn helper noch tsjin my? <sup>10</sup> Wêr bliuwt dyn kening dan? Lit er yn al dyn stêden rêding bringe! En dyn rjochters, dêr'tst tsjin sein hiest: "Jou my in kening en foarsten."

<sup>11</sup> Jou ik dy in kening yn myn grime, dan nim ik him wer ôf yn myn liikens.

<sup>12</sup> Efraïms skuld is opburgen, syn sûnde goed bewarre. <sup>13</sup> Komme foar him de fleagen, dan blykt er gjin snoad bern te wêzen: it is safier, mar hy komt net opdaagjen as der ûntsluting is. <sup>14</sup> Soe ik har út 'e macht fan it deaderyk frijkeapje, fan 'e dea har ferlosse? Dea, wêr binne dyn peстыkten, deaderyk, wêr bliuwt dyn ferdjer? Meilijen bliuwt út myn eachweid. <sup>15</sup> Ek al groeit en bloeit er tusken syn bruorren, de eastewyn komt, de azem fan de HEAR, dy't opsetten komt út 'e wyldernis wei. Dan drûget syn boarne út, komt syn welle drûch te stean. Hy is it dy't syn skathûs plonderje sil, al syn kostbere dingen.

## 14

<sup>1</sup> Samaria moat boetsje, om't er him tsjin syn God ferset hat. Troch it swurd sille se falle. Har lytse poppen sille ferplettere wurde, froulju dy't swier binne fan in bern iepenript.

<sup>2</sup> Kom werom, Israel, by de HEAR, dyn God, want do bist stroffele oer dyn eigen skuld. <sup>3</sup> Nim wurden mei jimme, kom werom by de HEAR en sis tsjin him: "Nim alle skuld wei, nim wat goed is oan, mei ús lippen bringe wy jo offerjeften." <sup>4</sup> Assyrië sil ús rêder net mear wêze, hynders sille wy net mear op ride, wy sille net mear 'ús God' sizze tsjin wat wy mei ús eigen hannen makke hawwe, want by jo fynt in wees barmhertigens.'

<sup>5</sup> Ik sil har ôfkearigens genêze  
en har út eigen wil leafhawwe,  
want myn grime tsjin him is saksearre.

<sup>6</sup> Ik sil foar Israel wêze as dauwe,  
hy sil bloeie as in leelje,  
woartel sjitte as op 'e Libanon.

<sup>7</sup> Syn twigen sille útrinne,  
hy sil de pracht fan in olivebeam hawwe  
en rûke as de Libanon.

<sup>8</sup> Se sille wer yn syn skaad sitte,  
graan bouwe  
en bloeie as in wynstôk.  
Hy sil op in bêste namme lizze,  
as de wyn fan 'e Libanon.

<sup>9</sup> Doe't Efraïm sei: "Wat haw ik noch mei de ôfgoaden te krijen?",  
wie ik it dy't him antwurd joech; ik wol him omtinken jaan.

Ik bin as in sipres, fris en grien,  
út my komt de frucht fuort dy't by dy fûn wurdt.

<sup>10</sup> Lit wa't wiis is, acht slaan op dizze dingen, en wa't ferstannich is, der kunde oan hawwe. Want de wegen fan de HEAR binne rjocht. De rjochtfear digen folgje dy, mar dy't har fersette, knoffelje derhinne.

---

8  
ûnbegryplik.  
9

<sup>(13:9)</sup> Oerset mei help fan de âlde oersettingen. It Hebriuwsk is

<sup>(14:3)</sup> Yn it Hebriuwsk stiet: bollen.